

Tekst: Maartje Huitink (HAN, Nijmegen)
Oersetter: Tjitske van der Meer
Einredakteur: Janny Bottema

Bromke mei gjin brokkoly

Bromke is in bearke. Hy is sân jier en hy is alderleafst. Hy hat lytse, pluzige, ljochtbrune hierkes en syn noaske hat de kleur fan puere sûkelade. Boppe op 'e holle rint in lyts, wyt streepke hier en as Bromke gromt, dan sjochst twa rychjes keurige lytse, wite toskjes. As er letter grut is, wurdt Bromke krektlike sterk as syn mem. Mar no is Bromke noch lyts. En hy is o sa ûntefreden. Want alle jûnen, ûnder iten, is der neat by dat Bromke lekker fynt. Syn heit wurdt der hiel fertrietlik fan. Wat Bromke ek op syn pantsje kriget, hy mei hielendal neat. Jout heit him in stronkje griene brokkoly, dan lûkt Bromke syn sûkeladenoaske op. Leit heit in stikje farske fisk foar syn noas, dan skoot Bromke syn pantsje mei in lilck gesicht fuort. En sels fan it neigesetsje wurdt Bromke net bliid, want hy griist fan giele fla!

Op in jûn hat de heit fan Bromke der skjûn syn nocht fan. "No is it dien," seit er as Bromke foar de safolste kear syn iten net opiten hat. "Moarntejûn sil ik wat klearmeitsje datst wol lekker fynst. Lit my mar witte watst graach ite wolst." "Mar.... der is hielendal neat dat ik lekker fyn!! Hielendal neat!" ropt Bromke lilck wylst er fan syn stoel ôf springt. "Hoe kin ik heit dan fertelle wat ik ite wol?"

Krekt op it stuit dat Bromke nei syn keamer ta stowe sil komt syn bêste freontsje, Tommy, de keuken yn. "Wat is hjir oan 'e hân?" freget Tommy ferheard. "Wêrom bist lilck Bromke?" "Der is neat op 'e wrâld dat ik lekker fyn!" ropt Bromke mei triennen yn de eagen. "Hielendal neat!" "Ik bin der wis fan dat dat net wier is," seit Tommy laitsjend tsjin Bromke. "Elkenien hat wol wat dat er mei. Ik ha in idee: moarn sille do en ik tegearre sykje nei dyn lekkerste iten. Wat seist dêrfan?" By it foarútsjoch om der tegearre mei Tommy op út te gean fielt Bromke him fuort al in stik better. Miskien is der dochs wol wat dat him smakket. Hy hoecht it allinnich mar eefkes te finen. Dy jûns falt er mei in glimke om 'e mûle yn 'e sliep. Moarntejûn sil hy ek syn pantsje leechite.

De oare moarns kloppet Tommy al betiid op 'e doar by Bromke thús. Hy hat in rêchsek fol bôle mei nûtsjesmoar – mei stikjes nût – en twa grutte flessen limonade meinommen. "Bist der klear foar, Bromke?" freget er. "Wolst einlik útfine wat dyn lekkerste iten is?" Bliid springt Bromke ta de doar út. "Ik kin hast net wachtsje," ropt er. Mei syn twaen geane Tommy en Bromke op 'en paad. Se rinne troch de bosk en hieltyd as se wat tsjinkomme dat se ite kinne, lit Tommy Bromke der fan priuwe.

Mar wat Tommy ek oan Bromke jout – druven, beien, klaverkes, bûkenútsjes en sels in hapke brânnettel – by alles lûkt Bromke in fiis gesicht. Alle hapkes spuit er wer út. Tommy wurdt der in bytsje mismoedich fan. It is al let op 'e middei en noch hieltyd hat er neat fûn dat Bromke mei.

Sûnder dat se it fernaam ha, binne de twa freontsjes ticht by de râne fan de bosk kommen. De beammen steane hieltyd minder ticht op elkoar en de earste pear huzen fan in doarpke komme al yn 't sicht. Op it stuit dat Tommy dat sjocht, lûkt er ûngerêst oan Bromke syn poat. Se hawwe noch nea earder sa ticht by de minskewrâld yn 'e buert west en hy fynt it wat spannend. Mar Bromke reagearret net. Hy hat wat sjoen dat syn oandacht lutsen hat... Dêr, oan de râne fan de bosk stiet in karke. In giel karke mei reade letters, dêr't hearlike geuren wei komme. In 'snackbar'... Dêr wol Bromke wol efkes hinne om te sjen. Mei de noas yn 'e loft, om de hearlike geur sa goed mooglik op te snuven, begjint Bromke de kant fan de 'snackbar' op te rinnen. Soks hat er noch noait rûkt en it wetter rint him om 'e tosk. Tommy draaft ûngerêst achter Bromke oan. Hy hopet mar dat se net yn de problemen komme.

Dan steane se beide foar de 'snackbar'. Ferheard loere se nei binnen. Soks hawwe se noch net earder sjoen. Grutte kuorren mei giele stokjes deryn boarrelje yn it fet. Op de toanbank steane bakjes fol mei giele stokjes en allegear frjemde sauskes. Fierder is der net ien by it karke te sjen. "Dat rûkt hearlik," seit Bromke tsjin Tommy. "Ik wol wol ris priuwe." Foar't Tommy wat dwaan kin, hat Bromke syn poat al útstutsen nei it earste bakje en in giel stokje yn 'e mûle treaun. "Dat is lekker," seit Bromke ferheard. "Ik wol der noch ien. Hjir, priuw do ek ris wat." "Wauw," seit Tommy. "Dit is echt it lekkerste dat ik oait iten ha." "Tenei is dit myn lekkerste iten," ropt Bromke bliid. Al gau hawwe Bromke en Tommy alle giele stokjes út de bakjes opiten en binne harren búkjes hielendal rûn. "Ik kin echt net mear," seit Tommy. "Der kin gjin stokje mear by." "Ik sit ek hielendal fol," antwurdet Bromke. "En witst wat sa gek is... Ik ha der safolle fan iten. Ik wol net iens mear stokjes. Ik wol allinne noch mar... de brokkoly fan heit." "Litte we dan gau nei hûs ta gean," seit Tommy. "Wa wit, binne we noch op 'e tiid foar it jûnsiten." Sa hurd as se kinne, rinne de twa freonen werom troch de bosk. As se nei in oerke by it hûs fan Bromke oankomme, hawwe Bromke en Tommy alwer sin oan wat. De heit fan Bromke hat krekt it iten opskept. Boarden fol hearlike brokkoly. En foar it earst yn jierren yt Bromke syn boardsje leech.

